

[0203] TA IT FORSTEAN FAN DE ALDFRYSKE OARKONDEN

7. elcke, elck, elcks of Elcke, Elck, Elcks?

Nei't wy yn it foarige nûmer fan dit tydskrift `apendamre ende vandlemre' út O II 314 (1523) bisjoen en ta `Apendamre ende Vaudseinre' forklearre ha ²⁾, moatte wy dyselde oarkonde nochris hifkje op in pear oare, slim to bigripen plakken, om sjen to litten hoe blinders dat men oppasse moat mei it ynterpretearjen fan nammen troch it al of net printsjen mei haedletters. O II 314 is it testemint fan *Tiets*, de widdou fan *Sasker Heringe*. Neffens it *Stamboek van den Frieschen Adel* ³⁾ hat Sasker Heringa (hy wie eins in Kamstra, mar neamde him Heringa) twa kear trouw west: earst mei His, dochter fan Watse Abbes Dekema (of Oenema) en letter mei Tjets, dochter fan Oene Juwsma. By de earste hied er 3 (of 2) bern : Abbe, Sasker (twivelich) en His. By de twadde krige er 6 bern: Wigle, Haeije, Doed, Lisk, Eelke en Haring. Dat is meiinoar 9 (of 8 as Sasker net bistien hat). Sasker Heringa testemintet neffens O II 244 yn

2) Dy't it artikel fan pater A. de Meijer O.E.S.A. yn US WURK jg. 10, side 27-38 oer De Augustijnen Eremieten en Friesland goed yn him opnomen hat (binammen side 32 ûnderoan en side 34 ûnderoan), sil fornommen ha, dat myn noat 1 op side 26 fan datselde nûmer oer de 5 (biddel)oaders, as soene dêrmei de 5 kleasters út de 3 biddeloorders, dy't der op dat pas yn Fryslân wiene, bidoeld wêze, der nêst is: neffens pater de Meijer binne it de bikende 4 biddeloorders (Dominikanen, Franciskanen, Karmeliten of Leaffrouwe-bruorren en Augustiner hearremiten) èn dan boppedat noch de Krúsbruorren.

3) Leeuwarden 1846, side 79.

1510. It docht dan bliken, dat der noch 6 bern yn wêzen binne, d.w.s. eigentlich mar 5, hwant foar His lit er dy har bern opkomme; dy moat dus stoarn wêze. De oare 3 (of 2) bern fan de 9 (of 8) moatte sûnder neiteam ek al wei wêze: Saker (twivelich), Wigle en Haeije. Fan de oerbleaune bern krije Eelk en Haring yn dat testemint fan âlde Saker Heringa elk in pleats foarút en hwat der fan it erfskip dan noch oer is, moatte se parte ('*to lijka eerfscip jef renten taesta*') mei de oare fjouwer: Abbe, (de bern fan) His, Doed en Ysk (yn it Stamboek wurdt dy Lisck neamd).

As Saker syn widdou Tiets yn 1523 (O II 314) testemintet, docht bliken dat hja dan noch twa bern hat: *Elck* (ek skreaun *Eelck*) en *Haring*. *Elck*¹⁾ hat 2 bern: *Saker* en *Hobbe*; *Haring*²⁾ hat (noch) mar ien: *Lisck*. Nei't Tiets guon lju en ynstellings legaten tamakke hat, bigjint hja to parten, mar sa, dat hwat earder al jown is (as '*berns*', as útboedeling), nou forrekkene wurdt; de stagen fan *Elck* en *Haring* moatte elk like folle ha, is de bidoeling, en dy't earder hwat hawn hat, wurdt nou mei safolle ynkoart. *Elck* is earder al útboedele, docht bliken; rigel 30 seit: `soe leytze *Haring* toe jonst *elcke* (mar lês neffens ús *Elcke*) berns', d.w.s. hja makket *Haring* ta, as tsjinrekken op de útboedeling (*berns* < *berl(i)ns* < *bedelinge*) fan *Elck*. Dêrom kriget *Elck* sels neat en syn bern *Saker* en *Hobbe* krije allinne mar hwat rinten to Toytgum en in rinte yn in pleats by de Syl, dêr't in Bokke op wennet en fierders krije se elk 3 sulveren leppels, 2 gouden skylden en 1 kralen fyftich³⁾. Dat de bern fan *Elck* dochs noch in lyts bytsje krije, is om it part fan elke staech like great to krijen. Mei oare wurden: *Elck* hat earder syn erfpoarsje al hawn op in bytsje nei en dat lêste bytsje makket se nou, oer *Elck* syn holle hinne, dy syn bern *Saker* en *Hobbe* ta. De oare staech dêrfoaroer, dy fan *Haring*, kriget folle mear, hwant dy is earder net útboedele: *Haring* kriget 4 pleatsen (to Boksum, Mantgum, Easterwierrum en Raerd) en de '*ruckers knoepen*', wylst bliken docht, dat er al in fychje hawn hat; it waerd allegearre sekuer neirekkene! *Haring* syn dochter *Lisck* kriget (ek wer binnen it ramt fan it part, dat de heit *Haring* takomt, dus '*in aefkortinge fan Harings deel*') lannen of rinten to Itens en boppedat in blauwe riem (in milbân, bislein mei sulver foar 't neist, ôfkomstich fan de forstoarne Doed en neffens dy har winsk) en ek in fychje. Fierders biskiedt hja, dat hwat net by testemint legatgearre of formakke wêze mocht, elk foar de helte oan har bern *Eelck* en *Haring* to goede komme moat, sadat elke staech like

1) *Elck* hat twa kear trouw west, earst mei *Lisk Rinia*, dochter fan *Hobbe Doekes*. Dêr hied er de yn O II 314 neamde soannen *Saker* en *Hobbe* by. Yn rigel 36 wurde dy "veesen" neamd; dat bitsjut net, dat *Elck* doe út 'e tiid wie, mar dat de mem stoarn wie. *Elck* troude foar de twadde kears mei *Womk*, dochter fan *Ade Jongema* to *Raerd*, doe't hja al widdou fan *Botte Gerlefs* to *Herwei* wie - dat allegearre neffens it Stamboek - en dêrnei krige er by dy twadde frou noch 3 bern (yn 1525 in *Lisk*), mar dy sille der yn 1523 noch net west ha.

2) *Haring* troude neffens it Stamboek mei *His Abinga*, dochter fan *Binnert*, en krige dêr 6 bern by: *Saker*, *Binnert*, *Oene*, *Tjets* (berne 1523), *Doed* en *Juw*. Dêr is *Lisk*, dêr't yn O II 314 oer rept wurdt, lykwols net by. Wol hie *Eelck* neffens it Stamboek by syn twadde frou in *Lisk*, mar dat kin dy út O II 314 ek om chronologyske reden net wêze, hwant dy waerd pas yn 1525 berne. Neffens O II 314 moat der yn de húshâlding fan *Haring* ek noch in *Lisk* (âldste dochter, dy't der yn 1523 noch mar allinne wie?) west ha, al neamt it Stamboek dy net.

3) In „fyftich“ is in roazekrânse mei fyftich kralen. Yn Roomske húshâldingen yn Fryslân wurdt dy hjoed-de-dei noch in *fychje* neamd. Dit wurd *fychje* mist yn 'e wurdboeken.

folle kriget, en fierders, dat fan it erfskip, ear't it útinoar set wurdt, earst bitelle wurde moat hwat foar Tiets har sieleheil nedich is (missen sjonge en sa). En lit ús nou *elcke/Elcke, elck/Elck, elcks/Elcks* ris goed bisjen.

Yn dit stik komt 9 kear it pronomen *elck* foar:

- 24 dat deel troch *elcke* priester een stoeter
- 25 en *elcke* tierke alsofolle
- 27 to Aestervierum ende Mantgum *elcke* prester een stoeter
- 28 en *elcke* patron alsofolle
- 29 dae riochte aerme ffyfef jeer lang *elcke* jeer en heel grau lecken
- 38 so vilse to Saker en Hobbe *elck* trye selueren leppelen
- 38 en *elcke* twa g vilhelmis scielden
- 39 en *elck* een craelen fyftich mey seluer teekensteenen

De persoansnamme *Elck* of *Eelck* komt 7 kear foar, dêr't Sipma 3 fan mei lytse letter printe en dus as pronomen opfette hat:

- 30 ffoerd soe mackis en sceedinge tvisken her bern als *Elck* en Haring
- 31 soe leytze Haring toe jonst *elcke* (lêns neffens ús *Elcke*) berns evelic en eerflic int aerst dat gued to Boxum dat gued to Mantgum dat gued (to) Aestervierum ende dat gued to Ravert
- 34 Saker ende Hobbe *Eelcks* kynen dae leytze to dae renten in Toytgum ende dae renten to Syl in Bocke gued
- 36 en dat aldier om dat her berns dat dae veesen als Saker ende Hobbe vorscr. to kort scyt fan *elck* (lêns neffens ús *Elck*) hyertefaer
- 37 en dat in aefkortinge van *elcks* (lêns neffens ús *Elcks*) paert renten ofte erfscip
- 45 ffoerd so mackis eerwen to al her oer gued ... her kynen to lyke als *Eelck* en Haring
- 46 Mer hyo vil dat Haring her siel scil bijvarije overmyts dat *Eelck* ute land is

De persoansnamme *Elck* of *Eelck* wurdt ien kear swak bûgd : 31 *elcke* berns (d.w.s. de útboedeling fan *Elck*) en twa kear sterk: 34 *Eelcks* kynen (d.w.s. de bern fan *Eelck*) en 37 *elcks* paert renten (d.w.s. it part rinten dat *Elck*, of leaver syn staech, takomt). Dit sterk en swak trochinoar brûken en binammen de konservative skriuwwize *elcke, elck, elcks* mei ien *e*, dy't by de persoansnamme *Eelk(e)* in koarte *e* suggerearret, sil Sipma der ta brocht habbe om de boppeneamde trije gefallen foar in pronomen oan to sjen en dêrom mei lytse letter to printsjen, hwat it stik der nou just net bigrypliker op makket. It printsjen fan nammen mei haedletters is wol in geriif foar de lêzer, mar as nammen by forsin mei lytse letter printe wurde, kin men ek goed op 'e doele reitsje. Wy miene dêrom, dat as men dy trije plakken yn rigel 31, 36 en 37 'mei in haedletter en as namme lêst, it stik alhiel forsteanber wurdt.

M. Oosterhout.